

Beäntwurding skriftlike fragen artikel 47 Reglemint fan Oarder

Skaaimerik fan de fraach : 25-01
Datum yntsjinjen fraach : 27 maart 2025
Fraachsteller : Dhr. W.B. Veenstra
Portefûljehâlder : Dhr. J.E. Boerema
Amtner : Dhr. M. van der Meulen
Datum akkoart kolleezje : 20 mei 2025
Saak- en stiknûmer : 202505147446/25ZG098375

Underwerp

Kap beammen by doarpshûs De Smoutte yn Boelensloane

Op 27 maart 2025 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer 'Kapjen beammen by doarpshûs De Smoutte yn Boelensloane'. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding

Jûster, 26 maart 2025, wie de gearkomste fan Pleatslik Belang 'De Eendracht' fan Boelensloane. Dêr kaam it foarnimmen om sinnepanielen op it dak fan it doarpshûs te pleatsen oan de oarder. Ut ûndersiek docht bliken dat der in pear beamen hinderlik yn it paad steane omdat dy it sinneljocht keare sille.

No is der in fersyk fan it bestjoer fan it doarpshûs oan it kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders gongen mei de fraach om dy pear beammen der ôf te heljen. Ek wol it bestjoer fan it doarpshûs wol ferfangende (lytsere) beammen werom pleatse. It bestjoer is harren der wol deeglik fan bewust dat beammen tige wichtich binne foar it bioferskaat.

De jildlike middels om sinnepanielen oan te skaffen binne ûnderwilens op oarder. It is neffens it bestjoer nedich om mei enerzjybesparring/-opwekking dwaande te gean om op termyn enerzjyneutraal te wurden.

Fragen

1. Wêrom is der in negative reaksje op it fersyk fan it doarpshûs kommen?

Antwurd:

Beammen foarmje in wichtich ûnderdiel fan ús ekosysteem en drage by oan it bioferskaat. De gemeenteried hat om dy reden yn 2021 de beliedsline 'Zonnepanelen versus bomen' yn de 'Duurzaamheidsagenda Achtkarspelen' fêststeld. Op grûn fan dy beliedsline wurde der gjin gemeentlike beammen kapt (of drastysk snoeid) foar sinnepanielen. It beslút om de beammen foar it doarpshûs De Smoutte net te kapjen is dêrmei neffens it fêststelde belied.

2. Is it kolleezje dwaande om mei it doarpshûs ta in goede oplossing te kommen?

Antwurd:

Der is oan it bestjoer fan it doarpshûs in alternatyf oandroegen om sinnepanielen op de gymseal oan te lizzen. It bestjoer joech doedestiids oan dêr, fanwegen de beheinde romte op de njonkenlizzende gymseal, gjin belangstelling foar te hawwen. Fansels steane wy iepen foar in ferkennend petear oer it oandroegen alternatyf of oer oare manieren om it doarpshûs te ferduorsumjen.

